Jiertal / saaknûmer: 2026-007014

MOASJE

Art. 48 RfO

Moasje oer in net op de aginda opnaam ûnderwerp

De ried fan de gemeente Noardeast-Fryslân yn gearkomste byinoar op 15 jannewaris 2026

Underwerp: **Moasje oer parkearjen en ferkearsfeiligens Bernhardlaan Kollum**

De ried,

heard it beried,

konstatearjend dat:
- de ried op 20 novimber 2025 in moasje oannaam hat oer de parkear- en ferkearsfeiligenssituaasje oan de Bernhardlaan yn Kollum;
- it kolleezje de ried mei de riedsynformaasjebrief fan 16 desimber ynformearre hat oer de fuortgong fan dizze moasje;
- út dizze brief blykt dat der noch gjin sprake is fan in strukturele oplossing;
- de sportferienings ree binne om sels te ynvestearjen, ûnder mear troch grûnoankeap en eigen behear, en dêrby in berop dogge op meiwurking fan de gemeente;

en fan miening dat:
- ferkearsfeiligens en in goed funksjonearjende iepenbiere romte kearntaken fan de gemeente binne;
- it koälysje-akkoart 2024-2026 ynset op in tsjinstbere gemeente, dy't inisjativen fan ûnderop fasilitearret en mei de mienskip oplossings foarmjout;
- der in bestimmingsreserve 'Coalitieakkoord 2022' is dy't brûkt wurde kin foar de útfiering fan ôfspraken út it koälysje-akkoart;
- dizze situaasje in konkrete en ienmalige problematyk is en dat it net beskikber stellen fan gemeentlike middels in belemmering foarmet foar in strukturele oplossing;
- it plan foar de extra parkearromte yntegraal ûnderdiel is fan Wilhelmina Sportpark dat past yn 'e fyzje 'Ontwikkeling Kollum';

ropt it kolleezje op:
1. om in ynsidenteel budzjet beskikber te stellen foar it ferbetterjen fan de parkear- en ferkearsfeiligenssituaasje oan de Bernhardlaan yn Kollum;
2. dit te dwaan yn oerlis mei ferienings en Pleatslik Belang;
3. dit buzjet yn te setten foar:
    a. planfoarming en ûntwerp;
    b. realisearring fan ekstra parkearfoarsjennings;

4. foar dit doel in bedrach fan maksimaal € 30.000 euro beskikber te stellen;
5. dit bedrach te dekken út de gemeentlike begrutting, post ‘Coalitieakkoord 2022’ FCL4211226;
6. hjirby fêst te lizzen dat it giet om in unike situaasje;
7. sa gau as mooglik wurk te meitsjen fan de realisaasje fan it ekstra parkearterrein;
8. de ried úterlik yn it twadde fearnsjier fan 2026 te ynformearjen oer:
    a. de besteging fan de middels;
    b. de útfiering,

en giet oer ta de oarder fan de dei.

Yntsjinne troch: Marije van der Staal (S!N), PvdA

Stimming	Foar: SIN, PvdA (7)	Tsjin: GBNF, CDA, BVNL, FNP, CU (18)
Moasje net oannaam		